GROU

Sketske "Suorein" op grûnslach Eekhofkaart 1848



Gesicht fanút suden op Hania-feart en omkriten

De Suorein of Suderein, de boerestreek bëeasten Jirnsum, bewesten Grou en besuden Friens.
Faoroan barte besuden pleats "Oedsma" (Ûtsma), 't paad links dêroer gong nei pleats "Asinga" no bewenne troch famylje Smeding. De rjochtse mole foaroan is dy fan Oedsma (ûnderbou mei dakpannen); Oedsma is de foarste pleats, no bewenne troch famylje Heida. Links foaroan de mole fan Asinga.
Fierderop is de earste mole dy fan pleats "Sinia" dêr skean efter. It fierste moolsje heart by de meast linkse pleats, neffens dokter Skoustra silliger mei de namme "Tuskendiken". Twadde fan links is "Haniastate", no bewenne troch fam. Hylkema en rjochts dêrfan pleats "'t Hooghiem" fan H. Hooghiemster. Oer Oedsma hinne sjogge wy pleats "Jongama" fan no famylje Hellinga.
Dy trije lêstneamde pleatsen leine oan de saneamde Reinderswei (Jirnsumerdyk) hjoed wer Reinerswei neamd, mar yn 1848 faaks noch sûnder beamguod. Oant 1842 ta einige dy wei by Jongama, mar is doe ferhurde oant Jinsumersyl.
By it oprjochtsjen fan it wetterskip "De Leppedyk" is yn 1919 njonken de Haniafeart in ferhurde rydwei lein, werfan it noardein tusken Reinerswei en "Tuskendiken" op'e eastkant en fierderop op'e westkant fan'e feart. Op it plak fan'e Sinia-mole stiet no in wenhûs en pleats Sinia is ôfbrutsen yn 1913 en it hiem doe weigroeven foar terpmodder.
Troch de komst fan it steamgemaal binne de moles om 1920 hinne opromme. De ryddyk, earst mei grind belein, makke it wetterferkear oerboadich en liet de barten ferfange troch dammen. De barte foaroan op'e tekening waard doe ek sadanich feroare en is doe ferstevige oan'e kanten mei de dakpannen fan de Oedsmamole.
It lân fan pleats Sinia kaam haadsakelik by pleats Oedsma. As de namme Sinia ek te meitsjen hie mei de famyljenamme Sienema, binne wy net wis fan, mar dy kaam foar yn'e Suorein in tiidlang op Haniastate sawol as op Oedsma. Bûtendat spile de famyljenamme Oedsma dêr ek yn mei, wy witte dat de frou fan Gerben Baukes Sienema in Anne Oedsma wie. Moaiwis hawwe pleatsen en famylje meielkoar te meitsjen hân, wat dy nammen oangiet. De namme Hania stiet dêr bûten, hie earder mei eallju en in eale state út te stean. It oansjen fan dizze pleats lit dêr net folle mear fan merke, mar hat noch lang in grêft-en beamleanomheining toand. De Haniafeart wie as farwetter eartiids net inkeld fan belang fan de oanwenjenden, dochs ek in farferbining mei de Grou en it Swin, it Deel, Peanster Ie en de Pikmar, sawol as mei de Boarn by Âlde Skou. Soks is hjoeddedei oan sa'n hast gewoane dyksleat amper yn te tinken. Mar sokke sleatten binne der yn ús weterlân wol folle mear oan te wizen. De tekener ferûntskuldigt graach de ûnfolsleinens fan syn skets, wat sleatten, greppels, dammen ensafh. oangiet en is net wis fan'e krekte pleatmodellen yn dy tiid, mar de âlde kaart joech wat rjochting oan syn fantasije.

Swalker.

Reaktie op 'Swalker'

Yn de Mid-Frieslander nr. 2 fan 13 jannewaris '87 skriuwt "Swalker" oer it Suorein ûnder it haad: Gesicht fanút suden op Hania-feart en omkriten. De skriuwer neamt û.o. de pleats "Tuskendiken". De namme dizze pleats soe troch Dr. Schouwstra silger neamd wêze. Ik tink dat ik hjir in lyts oanfollinkje jaan kin.
Yn it ferline wie de bewenner fan de bedoelde pleats op 'e sneup nei de namme der fan mar gjinien wist dy noch. Doe is - as aardichheidsje - sein, it soe "Efter Grêften" wêze.
Mar Dr. Schouwstra hat de oarspronklike namme wol fûn! Yn syn boekje "Trije Grouster Stúdzjes" skriuwt hy op side 12 "hie de pleats nû. 5 âldtiids dan gjin namme? Ik ha dat lang tocht. Mar de "kolleksje Andrea" brocht oan't Ljocht dat dy pleats fan âlds wis wol in namme hie: yn in proklamaesje fan 1567 wurdt bikind makke dat Tinco Andringa fan Boarn in part fan Rippersma Saete te Grou keapet, en fierder yn in oare proklamaesje datselde jier wurdt neamd Rippersma zaete tot Grou, Hanya ten noorden en Synia ten zuiden". It is dúdlik dat wy hjir te meitsjen ha mei pleats nû 5 fan de stimkohieren. Ek yn de Recesboeken wurdt "Rypersma to Grouw" in kear neamd (1572)".
Wy hoopje, troch yn te biten op it nijsgjirrich stikje fan Swalker, mei te helpen de skiednis fan ús omkriten libbend te hâlden.

Fam. J.H. Mulder
Bewenners fan Rippersma

LEEUWARDER COURANT.

Mijn Victoria

Uit de Leeuwarder Courant van Dinsdag 19 April 1887:

100 jaar geleden

LEEUWARDEN - Bij den heer T.J.Bouma te Grouw zijn verschenen „Seis brilloftsangen, op bikende wizen", van C. Wielsma. Een paar er van zijn oude bekenden, maar het gehalte is zoo, dat met dit boekje in de handen de zanglustigen, liever dan ten einde raad hunne toevlucht nemen tot „Nicola" en „Mijn Victoria", de waarlijk geestige versjes zullen ophalen, waarvan een paar op dezen wijzen worden gezongen.

1913

Nr 26-27 Nr 17 t/m 25

↓ Sietse Kiest H zn

Suck en Teyn Spaelstra
Jan en Richt Boerke

Stempel is van 1926

De beide slachtoffers van den onbewaakten overweg bij Akkrum.
Links de heer Tjibbe Dokter, de populaire kastelein van „Oostergoo" te Grouw, rechts zijn zwager, de heer Tjalke Zijlstra, architect te Grouw.

Hedenavond werd, tengevolge van een noodlottig ongeval, uit ons midden weggerukt mijn innig geliefde man

TJALKE BINNERTS ZIJLSTRA,

in den ouderdom van 40 jaren.

Mede namens de wederzijdsche familie,

De diepbedroefde

P. ZIJLSTRA—DOKTER.

Hedenavond werd, tengevolge van een noodlottig ongeval, uit ons midden weggerukt onze innig geliefde man en vader

TJIBBE FEIKES DOKTER,

in den ouderdom van 42 jaren.

Mede namens de wederzijdsche familie,

De diepbedroefden

SJ. DOKTER—HOOISMA.
FEIKE.

Grouw, 28 Februari 1926.

Beide begrafenissen zullen plaats hebben Woensdag 3 Maart a.s., 's namiddags 2½ ure, vanuit Hotel „Oostergoo".

Geen bloemen.

Hoatse Kleefstra en 't woordenspel

Door Rink van der Velde

HIJ LAS de versjes van Kees Stip (Trijntje Fop) en vroeg zich af of zulke rijmpjes ook in het Fries te maken waren. Proberen dus maar, en het lukte. Het is zo goed gelukt, dat hij er nu al meer dan driehonderd gemaakt heeft. Allemaal hebben ze in de afgelopen drie jaar tussen de Ingezonden Stukken in onze eigen Leeuwarder Courant gestaan. Jawel, het gaat om de versjes van Hoatse. Binnenkort komt er een eind aan. Na 365 keer - voor elke dag van het jaar eentje - vindt de schepper en schrijver dat het mooi genoeg is geweest.

Iedereen mag ondertussen wel weten, dat bij Hoatse de familienaam Kleefstra hoort, dat deze Kleefstra het onderwijs heeft gediend, inmiddels 73 jaar is en aan de Ytsje Kooistrastrjitte in Drachten woont. En om protesten te voorkomen: het is niet helemaal een afscheid, want hij gaat het nu in het Hollands proberen. Er ligt al een voorraadje klaar. Tenslotte: de uitgeverij van de Friese Pers laat een bundeltje met honderd versjes van Hoatse verschijnen, geïllustreerd door Anjo Mutsaars.

Oer in swel

In flugge swel, flak by Reahel,
waard alderheiselikste kjel.
Hy seach, al fleach er o sa hurd,
in kelner mei in swellesturt.

• *Ideaal*

De zeventig al ruim gepasseerd en dan nog aan het schrijverschap beginnen, vanwaar die late roeping? „Ik ha der altiten al nocht oan hân". Het begon op de kweekschool aan het Schavernek in Leeuwarden. Er moest iets gemaakt worden op het thema ideaal, een naamdicht nog wel. Na zoveel jaren citeert hij uit het hoofd nog vlot de eerste regels:

Idealen, och wat heeft men daar in onze tijd nog aan/Welter en z'n Kamerleden schoppen ons toch uit een baan.

Want dat was de realiteit. Afgestudeerde onderwijzers mochten niet eens solliciteren, omdat het legioen van werkloze oudere collega's eerst aan beurt kwam. Hoatse (de ambtenaar van de burgerlijke stand schreef hem in als Hotze, die man was niet wijzer) stond de

Oer in kat

In grutske kat seach wakker del
op oaren yn in kattefel
en as men frege nei't wêrom
dan sei se batsk: „Doch net sa stom!
Ik bin, dat sjocht men uteraard,
de kat dy't ût de beam sjoen waard."

eerste jaren dan ook niet voor de klas, maar ventte met petroleum, bezorgde brandstof thuis, repareerde stofzuigers en was „goatehimmelder", terwijl hij tussen de arbeid door akten verzamelde, van tekenen tot esperanto.

Als Grouwster jongen hield hij natuurlijk van zeilen en voor de Leeuwarder Courant maakte hij verslagjes van zeilwedstrijden. Hij had eigenlijk wel in de schrijverij gewild, maar hij kreeg de kans niet. En rijmelarij leverde niets op, zodat hij daar meteen maar van afzag. Het lukte tenslotte al om kwekeling-met-akte te worden, hetgeen betekende dat de ouders met dubbeltjes en stuivers een traktement van honderd daalders per jaar bijeen schraapten voor de extra leerkracht. „En dan moasten jo ek noch foar elk de pet ôfnimme fansels."

• *Wiskunde-leraar*

Toen hij de kans kreeg met een renteloos voorschot verder te leren, greep hij

Oer in fisk

By Jobbegea, safolste slûs,
lei op in kear, heal yn 'e sûs,
in frjemde fisk yn 't goare wetter
en doe't er by kaam even letter
seach men wat nuvers by syn ears:
hy hie in fin mear as in bears.

die graag aan. Het werd de HTS, electrotechniek. Daar kon je mee uit de voeten. Hij deed stage in Hengelo en kreeg een benoeming aan de opleidingsschool. Nadien stond hij aan het Ulo en de bedrijfsschool van de machinefabriek Stork. In 1968 werd hij wiskunde-leraar aan de Mavo in Drachten en toen kreeg hij eindelijk ook de kans zijn liefhebberij in de zeilsport te beleven. Pas na zijn pensionering kreeg hij volop de tijd om weer iets aan de schrijverij te doen. Hij had nog wel even de akte Fries gehaald en het sprak daarna vanzelf, dat hij zijn versjes in de eigen taal schreef.

Oer in podde

In podde seach te Smelle Ie,
moarns doe't er foar de spegel stie,
wat hy mar amper leauwe doarst:
guon hierkes op syn brede boarst.
Hy skrok en sei: „Dêr is't sa fier;
dat is myn earste poddehier."

„Boartsje mei wurden", noemt hij het zelf. In het begin maakte hij soms drie rijmpjes per dag. De kortste telt vier regels, de langste 22. Soms kon hij er aktuele aangelegenheden in kwijt, maar de meesten zijn tijdloos. „Ik sjoch in wurd, bygelyks tuorrebout en dêr kinne jo wat mei dwaan." Voor het overige zijn het vooral de namen van dieren en plaatsen die hem inspireren. De laatste tijd vergde een goede regel wel eens weken bedenktijd. „It waard sykjen, de mooglikheden reitsje op." Vandaar ook het besluit om het nu eens in het Hollands te proberen." Mar as se sizze: it hoecht net mear, dan kin 'k dat wol begripe."

De roeping is niet zo sterk meer en dat heeft te maken met persoonlijke omstandigheden. Sedert september 1985 is hij weduwnaar. Hij is met zeilen opgehouden, de boot is te koop." De gloede is fan it libben ôf." Hij tekent, schildert en knutselt." En miskien begjin ik noch wol ris mei koarte ferhalen. Dat hat 'k eins altiten graach wold."



By de pont.

BELSLIDE TO GROU

1987

"De Mûzebiters" 40 jier aisykje

It wie yn'e krystfakansje 1947 doe't ús aisykersklub "De Mûzebiters" oprjochte waard. Wy wiene doe mantsjes fan sa'n 15, 16 jier en yn '48 setten wy foar 't earst ôf.
Om in yndruk te jaan hoe jong as wy doe noch wiene, moatte jimme efkes de boppeste foto besjen. It fel noch strak om'e holle en wy koene doe net beseffe dat wy oer fjirtich jier noch meiinoar aisykje soene. As jimme de ûnderste foto besjogge, dan sille wy mar net mear prate oer dat strakke fel.
Mar wat in foarrjocht om dêr meiinoar te stean en wat is der wat bard yn dy fjirtich jier. In protte wille mar ek fertriet. Foaral doe't wy ien maat misse moasten yn april 1977, it jier doe't wy trittich jier bestien hiene.
De ploech bestie út 11 man t.w.: Dries Jager, Jan Sjoerdsma, Bertus Visser, Hidde Otter, Bouke Feenstra, Arie Dubbelman, Jan Bijlsma, Leendert Moedt, Eelke de Vries, Hendrik v.d. Bijl en Ate Bergsma.
Bouke en Arie binne ôffallen en Broer de Jong is ferstoarn. Yn't plak fan Bouke en Arie binne Sikke Postma en Piet Deelstra kommen; sadat der wer alve binne.
As gastskippers hawwe Henk de Jong en Jan v.d. Velde wol mei west. Wat hawwe wy in wille hân yn al dy jierren. Men soe wol in boek skriuwe kinne oer alle fiten, dy't der úthelle binne.
It ferhaal fan'e raam docht it noch altyd goed. Ek doe't wy in skutjassersploech by Leemburg posearje lieten foar foto's hawwe wy ús de bûsen útskoard; der siet gjin filmrôltsje yn't tastel, mar ik sjoch de priiswinner, mei syn woarsten om'e hals, noch sitten.
Yn it begjin gongen wy mei in trije tons gerspreamke der op út, in kleed der oer en in pak strie der ûnder en klear wie't. Letter gongen wy mei in grutte pream fan Halbertsma en Thomas Engelsma brocht ús mei de opdrukker te plak. Dêrnei hawwe wie jierren mei it Grouster skûtsje fuort west. Dat wie foar ús in lúkse. In protte romte ûnder de lûken en in gesellich sitsje yn'e roef.
Troch dat der guons wiene dy't klagen oer rimmetyk en kjeld, hawwe wy ús sliepen yn't strie op't wetter ynlevere foar in bêd by de fem. Bakker. Mei fan de moaiste jûnen fan ús libben hawwe wy der trochbrocht. De lêste pear jier binne wy te gast yn'e skoalle fan de fem. Zandstra. Dêr wurdt ek tige goed op ús past.
Noch efkes werom nei de fem. Bakker. Wy hiene dêr sliept en iten, de wyn stie lyk op'e ruten fan't restaurant, dus dy siet yn't earsten. De seeskou lei foar de wâl. De mannen seinen, dat hja mei elkoar wol efkes de Ie op woene. In moai ein levearje, kofje drinke en dan foar't lapke werom. Sa barde it ek. Doe't wy werom kamen siet it terras fol mei minsken en wy moasten foar de wyn oan'e wâl. Der wie ôfsprutsen dat elts in tou betsjinje soe, sadat wy flak foar de wâl it spul fan'e mêst hiene.
It moaiste wie dat al dy minsken tochten en dat koe men sjen: jonges, dit komt net goed. Hja hiene it motorke net heard en doe't it túch derôf wie, lei de skou moai foar de wâl.
Der binne hiele tûke aisikers by ús ploech, minsken dy't alles oer hawwe foar de natuer mei syn fûgels yn Fryslân en der in protte tiid yn stekke om dit te behâlden.
In inkeling is yn dy fjirtich jier nea fierder kommen as wat einaaien byinoar te swyljen. It aisykjen is de lêste jierren ek net mear haadsaak, der wurdt wol socht, mar net mear sa fanatyk as foarhinne. Doe wie't saak om mei in protte aaien thús te kommen oars wie't in ploech fan neat. No is't mear in reuny wurden, we prate mei inoar oer de bern, de pakesizzers, it wurk en stypje inoar as dit mooglik is.
Oant no ta hawwe de froulju fjouwer kear mei west. De earste trije kear kamen hja

Woensdag 6 april 1988

1988

Swalkers tusken Kromme Ie en Burd

1964 - Pream yn'e Sitebuorster Ie.

Grou-Doe't yn'e iere maaitiid fan 1964 Thom v.d. Meer besocht om mei inkele maten in pear dagen yn in pream fuort te gean te aaisykjen, hie 'er nea tinke kinnen dat dêr sa folle út fuort komme soe. It begûn allegearre yn febrewaris/maart 1964. Thom woe yn neifolging fan in goede grouster tradysje wol ris in pear nachten it fjild yn. It die lykwols bliken dat soks noch net sa ienfâldich wie. Guon mannen fûnen sa'n pream fierstente kâld, hoe moast der in tinte op en mei it iten seach min it sûnder mem alhiel net sitten. De measten noch mar amperoan 16/17 jier en dan al sels ieten siede, dat koe fansels nea goed komme. Mar Thom sette troch en op trije april fan dat jier stapte hy mei Ultsje Hosper, Knilles Nijdam, Bauke de Jong, Reinder Beeksma, Lútsen de Jong, Sjoerd Leistra, Henk Meester en Bauke Hooghiemster yn in pream by de Kade. It hiele spul sette ôf nei de Sitebuorsters Ie om dêr trije dagen te bliuwen. Hwa hie doe tinke kinnen dat se oer 25 jier noch meiinoar der op út gean soene.
Sjoerd Leistra en Henk Meester binne al gaueftich ôfneakke, foar harren kamen Ibele Pijl, Klaas de Boer en Jan van den Bosch yn't plak. Oant en mei 1976 hawwe de mannen yn'e pream fan Hette en Otte Bouma húsmanne, dêrnei waard it húske yn'e Burd, dat 4 mannen út de ploech yn 1973 kocht hiene, harren fêste plak.
Dizze krante is te lyts om alles, wat him de ôfrûne 25 jier ôfspile hat, wer te jaan. Moaie ferhalen binne der oer bygelyks goede en minder goede skûlplakken foar skries- en eineaaien, it sinken mei in skouke ûnder yn'e Sitebuorster Ie, de moetings mei oare grouster aaisikers en net te ferjitten fansels de lopen, dat der op ien dei protten ljipaaien fûn waarden. Allinne al de neitins oan eardere jierren docht aaisikers útsjen nei de folgjende kear.
Dy folgjende kear is oansteande. Yn it kommende wykein geane de „Swalkers" foar de 25ste kear der op út te aaisykjen. En al sille der dan safolle aaien net fûn wurde as de earste jierren, de sfear is noch krekt lyk en hjir eins net te beskriuwen, dy moat je priuwe.

Steand fan lofts nei rjochts: Klaas de Boer, Ibele Pijl, Ultsje Hosper, Reinder Beeksma, Bauke de Jong, Lútsen de Jong.
Foaroan fan lofts nei rjochts: Knilles Nijdam, Thom van der Meer, Bauke Hooghiemster, Jan van den Bosch.

1912 - 1987

„Mingd Koar" Grouw

o.l.v. Jan Veninga

m.m.v. Joke Adamse — sopraan
Henk Hoekema — hobo
Cor Teakema — orgel

Jubileumconcert.

op 5 april om 15.00 en 16.30 uur
in de

Ned. Herv. kerk te Grouw.

Het Mingd Koar Grou en zijn dirigent Jan Veninga in actie tijdens het jubileumconcert van gistermiddag in de Sint Pieterkerk. Zaterdagmiddag had het koor in het boerderijrestaurant De Vrijheid een feestelijke receptie gehouden.

Jubileum-konsert Grouster Koar

Grou-Snein, 5 april oansteande betinkt it Grouster Koar mei twa konserten dat it 75 jier lyn is dat Grousters yn ferienigingsfoarm begongen te sjongen. Der is fansels fan te foaren ek in protte song: op skoalle, thús, yn tsjerke, op feestjûnen..... Frisia non cantat, ratiocinatur.... Fryslân sjongt net, it redeneart, dêrfan seit de 'Encyclopedie van Friesland': oude spreuk van onbekende origine, waarvan het eerste deel voldoende weerlegd is.
Ek troch de Grousters want njonken it musyk meitsjen by Apollo is der mei ynset, prachtich - swiid - song by it Koar.

It Koar is rounom yn Fryslân ferneamd om de Fryske sangen en sneontemoarns op radio Fryslân kinne jimme dat gauris hearre.

Konsert

Dirigent Jan Veninga fan Ljouwert hat in dreech kerwei op him naam: trije wurken fan Mendelsohn binne ûnder oaren rippeteart. It moaie 'Hymne' wurdt útfiert mei de sopraan J. Adamse-Deelstra en op it oargel Kor Teakema. Hja fiere mei de hoboist H. Hoekema de aria 'Gott versorget alles Leben' fan J.S. Bach út. De solisten komme fierder oan'e beurt yn wurken fan Mendelssohn, Guilmant en Franck. Koar en solisten wurkje mei oan'e útsetter 'Junbea' op wurden fan Gysbert Japiks. It Koar sjongt it yn hjoeddei's Frysk, mar it foarste fers yn'e stavering fan dy tiid folget hjir:

Nu iz de dey forronn mey uwr' in stuwne
Oermits de Sinn' dolduwckt yn wetters gruwne
Meyts uws nu, sliep, fen God om restjen juwne
Deys lest onbuwne.

It is te hearren om trije ûre en om healwei fiiven (5 april) yn'e Greate Tsjerke te Grou. Kaarten *f* 5,- by Sigarenmagazijn 'Deli', Raadhuisstraat 8 te Grou.

Utstalling

Fiifensawntich jier Mingd Koar, dat betsjut: foto's, kranteknipsels, musyk.... in stikje Grouster skiednis. Dit is te sjen in it âlde gemeentehûs oan'e Stasjonswei op sneon 4 april fan 10 oant 2 ûre en sneins fan 10 oant 12 ûre. Elts is wolkom.

Mingd Koar Grou jubileerde klassiek

GROUW - De jubileumconcerten ter gelegenheid van het 75-jarig bestaan van het Mingd Koar Grou, die zondagmiddag in de hervormde of Sint Pieterkerk werden gehouden, trokken beide keren een volle kerk. Men had gekozen voor een klassiek programma, waarin de componist Felix Mendelssohn (1809-1849) een groot aandeel had. We hebben genoten van het mooie zingen en spelen, het koor produceert een fraai klanktotaal met stralende forti, al miste ik soms de fluisterende pianissimo's.

Het koor begon met „Exultate Justi" van F. Viedana, dat zuiver en muzikaal werd gezongen en in „Cantate Domino" van H. Kassler beluisterde ik prima technische zang. Sopraan, hobo en orgel gaven een imponerende uitvoering van „Gott versorget alles Leben" uit een cantate van J. S. Bach. „Psalm 100" van dezelfde componist werd met grote overtuiging gezongen met prima stemverhoudingen.

Sopraan en organist gaven vervolgens een aangrijpende vertolking van „Höre Israël" (uit Elias), ook van Mendelssohn, en de fraaie stem van de sopraan, in alle registers sprak aan. De inzet van de mannen in „Richte Mich Gott" (Psalm 43) was welluidend.

Plaats: Sint Pieterkerk, Grouw. **Gebeurtenis:** Jubileumconcerten Mingd Koar Grou. **Dirigent:** Jan Veninga. **Medewerking:** A. Adamse-Deelstra sopraan. H. Hoekema hobo en K. Taekema, orgel.

De orgelliefhebbers hebben zeker genoten van de uit vijf delen bestaande „Sonate II" van Mendelssohn. Deze componist was tenslotte vertegenwoordigd door zijn „Hymne" voor koor, sopraan en orgel. Dit was het hoogtepunt van het concert omdat het zo prachtig werd weergegeven dat men er stil van werd.

Hoboïst en organist gaven een muzikale interpretatie van „Piece V" van C. Franck en „Cantilene Pastorale" van A. Guilmart. Vooral de fraaie toonvorming van de hobo viel mij op.

Het Mingd Koar is in het hart van Friesland geboren en daarom mocht een Fries lied natuurlijk niet op dit jubileumconcert ontbreken. Men had hiervoor „Jûnbea" in een zetting van Joh. H. Schein gekozen. Met koor, sopraan, hobo en orgel werd het een waardig besluit van deze muzikale middag.

TEADE WOUDA

Sneon 30 maaie 1987

Teake Hoekema lit „in bonte luchtballon" op

Wa't yn de „Encyclopedie van het hedendaagse Friesland" opsiket wat der efter de namme fan (drs.) Teake (Binnert) Hoekema stiet (hy skriuwt him altiten Teake Hoekema), sil net gau op it idee komme, dat er gjin frjemd is op it mêd fan 'e lichte (nee, net de ljochte!) muze. Mear in taalman, Frisist en gearstalder fan in Frysk-Deensk wurdboek yn 'e mande mei V. T. Jörgensen (1968). Mar okkerdeis brocht er my in alderaardichst boekje ûnder de titel „In bonte luchtballon, eigen teksten en bewurkingen op bekende meldijen". It plak fan útjefte (Súdhoarn-Gr.: wenplak fan Hoekema) stiet der net op oanjûn, in priis ek net, mar àl de meidieling: Net yn 'e hannel. (Wêr't jo it besette kinne, fine jo ûnder dit besprek.)

It wie my wol bekend, dat Hoekema niget hat en hie oan it slach liet, dat langer ornaris as „song" oer de hiele wrâld troch radio en platen, troch dûnsseale en blêdmuzyk en neam mar op, bekend is. Benammen Amearika, mar ek Ingelân, Frankryk en ek wolris Dútslân binne eins al sa'n foege ieu ferlyn begûn mei it útjaan fan muzyk mei teksten dy't gauris folksriem waarden meidat wize en wurden by de grutte kliber wakker yn 'e smaak foelen. Yn Nederlân wiene (binne) dy teksten almeast Hollânsk en dat wie ek yn Fryslân it gefal.

Lykwols: al mear as in ieu ferlyn wiene der sokken as de Grouster Cornelis Wielsma (1845-1922), dy't ynternasjonale suksessen wolris ferfrysken. Ik neam yn dit ferbân, en dat al yn 1867, syn „Snidersliet" en de dêrnei saneamde „gay-nineties" (fansels pas neitiid sa neamd, lykas „The man that broke the bank at Monte-Carlo", „Daisy Bell" en „After the Ball", dy't om 1900 hinne yn it ljocht jûn waarden. Ik wit net oft it altiten slagge en meitsje dy ferfryske teksten folksriem, al wie de ynfloed om utens wei lang sa grut net as doe't earst de grammofoan en doe de radio (om fan tillevyzje mar net te praten!) de twostep en de Ingelske wals, de boston en de foxtrot ek op 'e lytste (Fryske en oare) doarpen bekend makken. Wa't pianospylje koe, koe fan withoefolle suksessen al sa'n tachtich jier lyn de muzyk yn 'e winkel keapje. Operette en musical, film en dûnsflier makken al yn 'e jierren fan '30 dat der frage kaam nei blêdmuzyk foar de piano fan sokke suksessen lykas „Tea for Two", „Begin the Beguine", „Night and Day" en „September in the Rain".

Ik neam dy nûmers mei opsetsin. Yn it foarste plak lizze se yn 'e steapel fan dit soarte ienris populêre muzyk dy't ik jierren ferlyn ris oanlein haw, en oard: se wurde ek neamd as de nûmers dy't Teake Hoekema oanlieding joech om se òf te ferfryskjen òf op de besteande wize eigen wurden te skriuwen. Alle fjouwer wurde se yn alle gefallen oanjûn as „boarne" of alteast as foarbyld yn dat krekt útkommen alderaardichste boekje. Wa't dy ynternasjonale nûmers yn 'e oarspronklike taal (hjir dus Ingelsk, mar ek Frânsk en Dútsk hawwe foarbyld west) rieplachtsje kin, sil fernimme dat Hoekema net inkeld oan it oersetten west hat, mar ek eigen teksten op bekende meldijen makke. Dy fjouwer nûmers kinne dus ferlike wurde, wylst ik oare net altiten ken of dêr fan sizze moat: hjir hat allinne de wize in rol spile, lykas it al om 1920 hinne ferneamde Eastenrykske liet fan Robert Stolz (muzyk) en Kurt Robitschek (wurden): „Im Prater blüh'n wieder die Bäume". Hoekema lit dy beammen lykwols net yn it Weenske Prater bloeie, mar skriuwt: „De wyn soeit oer marren en mieden" en at er dêr dan op folgje lit „It beamte rint wer yn 'e bloei", dan sil men dat earder yn ús Wetterlân as yn Wenen sykje. „Les feuilles mortes", fan Kosma-Prevert, wurdt „No't blêden falle brún en rea", wylst fan „La Mer" (Charles Trenet) fansels „O see" makke wurde moast. En wat koe der fan „Begin the Beguine", fan Cole Porter silger út 1935 al oars makke wurde as: „Ja, sa begjint de beguine" . . .? It hieltiten herhelle „When they begin the Beguine" (mei dy trioale op 'e earste trije wurden) koe fansels net ferfryske wurde ta: „As hja de Beguine begjinne", dat no kin men mar sjonge: „Ja, sa begjint de beguine."

Net alle wizen koe ik yn myn samling fine. Bygelyks net de bossa nova „Garôta de Ipanema". Mar hjir is it in kostlike fynst om dy fan Ipanema ús „Yp Anema" syn dochter te meitsjen, dêr't (fansels yn Fryslân) „gjin fanke oan tippe kin". Ut de muzyk by de film „Melody for two" út 1937 fan Al. Dubin (wurden) en Harry Warren (muzyk) titele „September in the rain", is makke: „Dy simmer yn 'e rein" en al binne de wurden hjir mear Hoekema as Dubin, de romantyk ûntbrekt ek yn it Frysk net:

The leaves of brown came tumbling down,
remember?
In September, in the rain,
The sun went out just like a dying ember
That September, in the rain.
To ev'ry word of love I heard you whisper,
The raindrops seemed to play a sweet refrain.
Though spring is here, to me it's still September,
That September, in the rain.

Mei 't fallen fan 'e blêden wie de simmer
Hast foar jimmer hinnetein.
Mar yn myn tinzen kaam nea ofte nimmer
Oan dy simmer mear in ein.
Wylst op ús paad de earste drippen foelen
Hasto dyn leave hân yn mines lein.
No is it maaie, mar foar my is't simmer;
Ja dy simmer - yn 'e rein.

It nûmer „Night and day" út 'e „musical comedy Gay divorces" fan Cole Porter (1944), waard fansels net „Dei en nacht" (Hollânsk ommers: „Dag en nacht"), mar mei't it Frysk en Ingelsk itselde sizze: „Nacht en dei" en hjir stiet it Hollânsk refrein efkes fierder fan it oarspronklike ôf:

Night and day you are the one,
Only you beneath the moon and under the sun.
Whether near to me or far,
It's no matter, darling, where you are
I think of you night and day.

Nacht en dei - der is gjinien
Dy't my boeit as do, ja, op dij bin 'k begien
Fanke, bliuwst m' allike nei
Ofsto hjir bist of ek fier hjirwei
Do bist bij mij - nacht en dei

Ta beslút noch ien tekst dy't deun by it orizjineel komt en dat is: „Lyts paradys op 'e romt'", lykas „Tea for two" oerset is. Dat wie yn 1924 it sukses (ek te uzes!) út de muzikale komeedzje „No, no Nanette", fan Otto Harbach en Irving Caesar, op muzyk fan Vincent Youmans silger. Earst it Amearikaanske orizjineel mar en dan de treflike ferfrysking:

